

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Wettersportkaart Fryslân

Edysje 2021 – 2022



Ûntdek de app Watersport
Altyd aktuele ynformaasje op it wetter!
Fergees foar iOS en Android.





“Prachtich om nije farwegen te markearjen”

Jan Wind, haad faktechnysk meiwurker beakentsjinst

“Wy soargje foar it deistich ûnderhâld en behear fan de Fryske farwegen. Mei ús betonningskip soargje wy derfoar dat de 1000 boeien yn Fryslân op de goede posysje lizze. Griene tonnen (spits) en reade tonnen (stomp) markearje de soalen. Tusken de boeien garandearje wy in beskate djipgong. De boeien binne de hektometerpealtsjes op it wetter. As jo help nedich hawwe, jou dan altyd it nûmer en de ôfkoarting fan de farwei troch.

Boltonnen (read/grien of grien/read) jouwe in splitsing fan farwegen oan. Ek brûke wy giele betonning om beskate gebieten oan te jaan. Sa markearje wy de fûgelrêstgebieten fan 1 oktober ôf en lizze wy op 1 maaie de boeien fan de hurdfargebieten yn it wetter. Om goed op 'e hichte te wêzen fan de betsjutting fan boeien en skipfeartbuorden is it wichtich om geregeld it Binnenvaartpolitiereglement, dat jo ferplichte oan board hawwe moatte, te rieplachtsjen (www.politie.nl/themas/vaarregels.html).

Wy farre meastentiids út ús haven en opslach yn Twellingea (tichteby Snits) wei. Ik neam ús foarrie betonning altyd myn blommetúntsje. Der leit sa'n soad kleure materiaal byinoar. It is prachtich wurk om de boeien fan in nije farwei útsette te meien.”

“Ik bin der grutsk op dat ik dit wurk dwaan mei. Hielendal as ik my yntink dat wy oer in pear jier út dizze sintrale wei 40 Fryske brêgen betsjinje!”



“Grutsk dat ik dit werk mag doen”

Janneke Steensma – Zijlstra, brugbedienaar

“Mei myn kollega’s betsjinje wy no fyftjin brêgen op ôfstân út de sintrale oan de westkant fan Ljouwert wei. Wy soargje foar in flutte trochstreaming fan skipfeart en ferkear op ‘e dyk. It is prachtich wurk om te dwaan, alle brêgen binne wer oars. Wy binne goed trind yn it op ôfstân betsjinjen fan de brêgen. Goed wach wêze bliuwt it wichtichste, net allinne foar my, mar ek foar de minsken op it wetter en op ‘e dyk.”

In pear tips as jo by in brêge of slûs komme:

- Ien kear oanmelde fia de knop by de brêge of marifoan is genôch. Wês geduldich.
- As it drok op ‘e dyk is of as der bygelyks in ambulânse oankomt, dan kin it wêze dat jo efkes wachtsje moatte.
- As de ljochten op read-grien geane, is dat it teken dat de brêge iepen giet. Jo kinne jo klearmeitsje om yn ‘e rjochting fan de brêge te farren.
- Far by in iepen brêge én grien ljocht flot troch, hâld der rekken mei de it ferkear op ‘e dyk wachtet.
- Folgje altyd de oanwizings fan slûs- of brêgewachters op.

“Wy binne bliid as de toeristen der wer binne”

Hilda Dolstra en Arend Jan Brouwer, nautysk hanthaveners

“Wy soargje foar in feilige en flotte trochfeart fan it skipfeartferkear yn Fryslân. Alle dagen jouwe wy foarljochting op it wetter oer feilich farre. Wy hâlde tafersjoch by grutte eveneminten en trede op by kalamiteiten. Yn ‘e simmer draaie wy tsjinsten mei de plysje. Wy kontrolearje oft wettersporters en beropsfeart harren oan de faasje hâlde. Op de measte marren meie jo 9 km/oere farre. Op it Van Harinxmakanaal en Johan Frisokanaal meie jo 12,5 km/oere farre en yn doarpen en stêden 6 km/oere. As jo hurder wolle, kinne jo mei jo speedboat yn de hurdfargebieten (sloch kaart) telâne.

Wy tinke net allinne om de faasje, mar kontrolearje ek op âldens en oft immen in farbewiis hat. It is hiel wichtich dat wannear’t jo it wetter op geane, jo it farren behearskje en de regels kenne. Hast alle skippen moatte in resint eksimplaar fan it Binnenvaartpolitiereglement (BPR) oan board hawwe. Bestjoerders fan in flugge motorboat (hurder as 20 km/oere) binne dêrneist ferplichte om de neikommende saken oan board te hawwen: farbewiis, rêdingsfest foar alle lju oan board, brânblusser, deademanskoarde, registraasjebewiis en in (sichtber) registraasjeteken.

“Alle seizoen hawwe harren sjarmes, mar wy binne altyd bliid as de toeristen der wer binne. It is alle dagen in ferrassing wat wy tsjin komme. Wy witte hoe let oft ús wurkdei begjint, mar nea wannear’t wy klear binne.”

Check foar it seizoen wat jo oan papieren nedich hawwe. De boeten binne nammentlik heech. Farre sûnder farbewiis kostet 550 euro en foar te hurd farren begjinne de boeten by 95 euro. Op www.cbr.nl fine jo ûnder Recreatievaart in oersjoch fan farregels.”

Op it wetter is it wichtich om alert te wêzen:

- Bliuw út de deade hoeke fan frachtskippen. In fêste regel: as jo de skipper sjen kinne, kin hy jo ek sjen.
- Far safolle mooglik stjoerboardwâl en hâld de midden frij foar de beropsfeart.
- Yn de top 10 fan ergernissen stiet it feroarsakjen fan hinderlike wetterbeweging.
- Kontrolearje de weachslach en sûging dy’t jo skip/boat feroarsaket.
- Sjoch geregeld efterom, om it oare ferkear op it wetter yn ‘e gaten te hâlden.



Rekreaasjeskip Marrekrite: foar farre, fytsse en kuijerje

recreatieschap
marrekrite

Yn Fryslân fine jo midden yn de natuer, op de meast bysûndere plakjes, mear as 3.500 oanlisplakken fan de Marrekrite. Dêr meie jo maksimaal 3 dagen fergees bliuwe. Dêrneist binne der sa'n hûndert MarBoeien, dêr't jo oanlizze kinne. In soad MarBoeien binne ek poëtyske ankerplakken. Op www.marboei.frl lêze jo gedichten dy't mei de boeien ferbûn binne.

Foar smoarch wetter binne der neist smoarchwetter-stasjons oan 'e wâl, ek trije Húskes, driuwende smoarchwetterstasjons: dêr kinne jo oanlizze, tank leegje en wer trochfarre. De Húskes hawwe ek in fergees húske (toilet).

Al dy foarsjennings wurde troch Rekreaasjeskip Marrekrite ûnderhâlden. Dêrneist beheare sy ek de fyts- en kuierknooppuntnetwurken. In soad lisplakken lizze oan ien fan de knooppuntnetwurken. Sa kinne jo fan jo lisplak ôf in moaie fyts- of kuiertocht meitsje.


Troch it keapjen fan in Marrekritewimpel drage jo by oan it ûnderhâld fan de Marrekrite-oanlisplakken. De wimpel is te keap fia de webside fan Marrekrite, by frijwilligers yn it fjild en by ferskate ferkeappunten.

www.marrekrite.frl




Brêgeseinen


De ljochten by brêgen binne read, grien en giel. Dêrmei jout de brêgewachter seinen oan de skipfeart. De binne de wichtichste brêgeseinen:




Trochfeart ferbean




Trochfeart ferbean, wurdt daliks tastien




Trochfeart tastien




Trochfeart ferbean, of it moat wêze dat jo sa ticht by de trochfeartiepening binne, dat stilhâlde ridlikerwize net mear mooglik is.



Trochfeart sletten brêge tastien, tsjinlizzende feart mooglik



Trochfeart sletten brêge tastien, tsjinlizzende feart ferbean



Ferbeane trochfeartiepening



Ferkearsbuorden


Lâns de farwei steane buorden mei ferkearstekens dy't oanjouwe wat wol en net mei. Dit binne de wichtichste buorden:



Ferplichting de faasje te beheinen, lykas oanjûn yn km/oere



Ferbean om hinderlike wetterbeweging te feroarsaakjen



Ferplichting om de stjoerboardside fan it farwetter oan te hâlden



Ferbean om te ankerjen en oan te lizzen



Ferbean foar sylskippen



Marifoankanaal foar nautyske ynformaasje, bygelyks kanaal 18



Ferplichting fóár it boerd stil te hâlden ûnder guon omstannichheden



Ferplichting om goed wach te wêzen



Beheinde trochfearthichte yn meters



Yn-, út- of trochfarre ferbean



Moetsje en foarbyrinne ferbean



Wachtplak foar lytse skippen

Frysk foar begjanners

Friezen fine it aardich om yn harren eigen taal oansprutsen te wurden. Dêrom in pear handige sinnen en wurden op in rychje.

Goeie, ik bin ... en ik kom fan ...

Goedendag, ik ben ... en ik kom uit ...

Mei ik dy wat freegje?

Mag ik jou iets vragen?

Witsto wêr't in restaurant/winkel/pinautomaat/húske is?

Weet jij waar een restaurant/winkel/pinautomaat/wc is?

Wolkom	Welkom
Oant sjen	Tot ziens
Asjebleaft	Alsjeblieft
Noflike dei	Fijne dag
Tige tank	Dankjewel
Mienskip	Samenleving
Stjoerboard	Stuurboord (= rechts)
Bakboard	Bakboord (= links)
Brêge	Brug
Brêgewipper	Brugwachter
Fakânsje	Vakantie
Sinne	Zon
Ferdivedaasje	Vermaak



Mear witte oer Fryslân, de Friezen en it Frysk? Download dan de app **Taal fan it hert** (fia de App Store en Google Play).




Mear ynformaasje oer de wimpel en it farren yn Fryslân fynst op www.marrekrite.frl/wimpel en www.friesland.nl/watersport

“Oprêden fart himmel en skjin”

Help ek mei om swalkôffal út it wetter te fiskjen! Yn 1979 en 1985 waard dat dien ûnder de namme ‘Friese meren, frisse meren’. De skjinmakaksje dy’t doe foar minder fersmoarging op it wetter soargje moast, wurdt nij libben ynblaasd.

By oankeap fan in Marrekritewimpel by Recreatieschap Marrekrite krije alle wetterrekreanten fan 1 jannewaris ôf in Opperuimd Vaart Netjes-jiskepûde, om oan skjin wetter bydrage te kinnen.

De jiskepûde-aksje is in inisjatyf fan Visit Friesland, Recreatieschap Marrekrite en de Fryske regiomarketingorganisaasjes, Waterland van Friesland, Het Andere Friesland, Land in Friesland en Geïnspireerd door een Oude Zee.



Farre in Fryslân?
Download de fergese app **Watersport!**



Sportfiskje yn Fryslân

Yn Fryslân binne in soad moaie fiskplakken. Mei goed 17.000 bunder fiskwetter biedt Fryslân folop romte foar alle foarmen fan angelsport. Mar foardat jo te fiskjen geane hawwe jo wol in VISpas nedich. Hawwe jo dy net, dan kinne jo by de VVV's of angelsportwinkels yn Fryslân ek in wykfergunning keapje. Wolle jo witte wêr't jo fiskje meie en hokker fiskfoarsjennings der binne, sjoch dan op www.visplanner.nl of download de app.

Sjoch foar mear ynformaasje op www.visseninfriesland.nl





Kolofon

Redaksje en foarmjouwing: Provinsje Fryslân, Postbus 20120, 8900 HM Ljouwert, provincie@fryslan.frl

Fotografy: Hoge Noorden, Merk Fryslân en Provinsje Fryslân | **Druk:** Rekladruk, Gytsjerk, 26.000 eksimplaren

Neat út dizze útjefte mei op hokker wize dan ek oernommen, kopiearre of fermannichfâldige wurde, sûnder skriftlike tastimming fan de provinsje Fryslân.

© Provinsje Fryslân 2021

Wichtige telefoannûmers

Algemiens alarmnûmer:	112
GGD Fryslân:	088 - 229 92 22
Centrale Meldpost IJsselmeergebied:	088 - 797 33 00
Miljeualarmnûmer:	058 - 212 24 22
(Wetter)Plysje:	0900 - 8844
Provinsje Fryslân (algemiens):	058 - 292 59 25
Provinsje Fryslân (farweitefoan):	058 - 292 58 88
Swimwettertelefoan:	058 - 292 56 50
Rekreaasjeskip Marrekrite:	058 - 212 85 81
Sportfiskerij Fryslân:	0566 - 62 44 55
Wetterskip Fryslân:	058 - 292 22 22

Wichtige websiden

Betsjinningstiden brêgen en slûzen:	www.fryslan.frl/bedieningstijden
Swimwetterlokaasjes:	www.zwemwater.nl
Alles oer feilich farre:	www.varendoejesamen.nl
Skipfeartberjochten:	www.vaarweginformatie.nl
Rekreaasjeskip Marrekrite	www.marrekrite.frl
Sportfiskerij Fryslân:	www.visseninfriesland.nl
Provinsje Fryslân:	www.fryslan.frl

Twitter

Skipfeartberjochten Provinsje Fryslân: @ScheepvaartFRL

Wetterplysje Noard-Nederlân: @toezichtwater

Watersport app

Spesjaal foar silers, farders en swimmers yn Fryslân is der in wettersport app. Dêrmei hast altyd de aktuele ynformaasje by de hân. Fergees te downloaden foar iOS en Android. Check www.fryslan.frl/watersport

Wettersportkaart Fryslân

Edysje 2021 - 2022



Ontdek de app Watersport
Altyd aktuele ynformaasje op it wetter!
Fergees foar iOS en Android.



Fryske Waadeilannen



Waadsee



Legenda

- Oanlisplak Marrekrite
 - Swimwetter
 - Smoarchwetterstasjon
 - allinne hûskewetter
 - hûskewetter en bilgewetter
 - Húske: driuwend smoarchwetterstasjon
 - Oplaadpunt
 - Maksimum faasje
 - Fûgelrêstgebiet; wy freegje jo om dy gebieten tusken 1 oktober en 1 april net yn te farren.
 - Hurdfaregebiet; hurdfarre tastien foar motorboaten (maks. wetterferpleatsing 1,5 m) binnen de giele tonnen fan 30 april o/m 30 sept. tusken it opgean en it ûndergean fan de sinne
 - Kitesurflokaasje:
- | | |
|---|-----------------|
| 1. Hoek van de Bant (Dongeradeel) | 1 juny - 1 okt |
| 2. Koarnwartersân | 1 maaie - 1 okt |
| 3. Noardsee Skylge bûten de sône fan 200 meter links en rjochts fan de strânoergongen | 1 maaie - 1 okt |
| 4. Holle Poarte (Makkum) | 1 okt - 1 maaie |
| 5. Strân de Lemmer | 1 okt - 1 maaie |
| 6. Westseeedyk (Harns) | hieje jier |
| 7. It Soal (Warkum) | hieje jier |
| 8. Hylpen | hieje jier |
| 9. Murnzer Klif | hieje jier |
| 10. Starum by de Potvis | hieje jier |
| 11. Westside it Amelân Nes | hieje jier |
| 12. Griene strân Skylge | hieje jier |
| 13. Flylân Noardsee | hieje jier |
| 14. It Amelân Noardsee, tusken Peal 3 en 4, 8.2 en 11.3 en 17.4 en 17.9 | hieje jier |
| 15. Skiermûntseach Noardseaside tusken Peal 3 en 5 | hieje jier |

Rekreative farrûten

- Turfrûte (DM)
- Klaairûte (DM)
- Noardlike Alvestêderûte (DM)
- Swetterûte (DM)
- Middelseerûte (DM)
- Súdwest-rûte (BZM)
- Rûntsje Luts (E)
- Rûntsje Tsjûkemaar (BZM)
- Deelenrûte (DM)
- Lits-Lauwersmarrûte (CM)
- Alde Feanenrûte (CM)
- Steande Mêstrûte 1 (BZM)
- Steande Mêstrûte 2 (CZM)
- Electric only-rûte (F)

Talitten djipgong en krûphichte boaten:

- BZM : djipgong 1,90 m
- CZM : djipgong 1,70 m
- CM : djipgong 1,50 m en krûphichte 2,90 m
- DM : djipgong 1,30 m en krûphichte 2,30/2,40 m
- E : djipgong 1,00 m en krûphichte 1,95 m
- F : djipgong 0,80 m en krûphichte 1,45 m

